



Lyts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

JIERGONG LV nûmer 2

juni 2006

ISSN 0166-6029

dêr leit myn deiboek iepen

*haw ik dit skreaun
dit waarme proaza
yn dy frjemde toai?*

*wa bin ik winliken
bin ik myn eigenst kwyt
sa kwyt
dat ik 't yntymste
yn rykstaal sizze moat?*

*memmetaal
ôfstrûpt as rûpske hûd*

*in flarde bist
in tûfke op 'e wyn
in neat.*



Geecke Sybesma

Samplers: Jan Jongsma, Anneke Jousma en Bertus Postma. Opmaak en technyske fersoaring: Piter Dykstra. Redaksje-adres: Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum (Tel. 0511-463869). Lidmaatskip Jongfryske Mienskip ynkl. LYTS FRISIA: € 7,50. Lêsjild LYTS FRISIA: €5,00. Giro 1069535 op namme fan: Skathâlder fan de Jongfryske Mienskip, Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV BURGUM.

ALD-FOARSITTER BOUWE VAN DER MEULEN FERSTOARN

Op 1 febrewaris ferstoar ús eardere foarsitter Bouwe T. van der Meulen. Hy is 82 jier wurden.

Bouwe van der Meulen waard op 14 maart 1923 berne op it Wytfean, de buorskip tusken Eastermar en De Rottefalle. It Wytfean hie doe noch in eigen skoalle, dy't troch him besocht waard. Dêrnei gong er nei de legere lânbouskoalle yn Kollum, folge troch de lânbouwinterskoalle yn Drachten. Hy troude mei Syb Hulshoff fan De Pein en waard boer op in pleats oan de Wytfeansterwei. Yn syn eagen beoefene er ien fan de wichtichste beroppen yn Fryslân. Syn stelling wie: "De boer is de drager fan de Fryske ekonomy."

Jan Jongsma

Van der Meulen wie gjin nijmoadrige boer, fan in trekker moast er neat hawwe. Hy buorke mei hinders en benammen it Fryske hynder hie syn hert. Yn 1981 kaam syn soan op 'e pleats en Bouwe en syn frou kamen op in spultsje oan de Swartewei ûnder Eastermar te wenjen. En fansels gongen de Fryske hinders mei.

Bouwe van der Meulen wie net in trochsneed boer, mar in echte fer-gaderboer. Hy woe him graach ynsette foar de mienskip. Sa wie er bestjoerslid fan it suvelfabryk en fan de 'Fokferiening It Fryske Hynder'. Ek hie er in sit yn de âlderkommisje fan de Eastermarder skoalle, wie bestjoerslid fan de Feriening foar Doarpsbelang yn Eastermar en fan de Federaasje fan Doarpsbelangen yn de gemeente Tytsjerksteradiel. Jierren siet er yn it bestjoer fan de feriening fan Frijsinich Herfoarmen yn Eastermar. Doe't dy feriening ophâlde te bestean, sleat er him oan by de Menniste gemeente fan De Rottefalle. Polityk wie er ek aktyf. Fan 1962 oant 1974 siet er foar de PvdA yn de gemeenteried fan Tytsjerksteradiel, de lêste acht jier as fraksjefoarsitter. Hy krige lykwols hieltiten mear problemen mei de tink-en hannelwize fan dy partij, benam-

men as Frysk strider fielde er him yn de PvdA net mear thús. Hy betanke en waard lid fan de FNP. Yn de tachtiger jierren siet er yn it bestjoer fan de FNP-ôfdieling Tytsjerksteradiel en naam ek in sit yn it provinsjale haadbestjoer, dêr't er earst ponghâlder wie en letter de funksje fan foarsitter krige.

It Frysk lei Bouwe nei oan it hert. Hy wie in leafhawwer fan it wurk fan boer-dichter Douwe Hermans Kiestra, mar ek fan Simke Kloosterman har wurk. Jierren hie er in bestjoerssit yn it Simke Kloosterman Lien. Ein tachtiger jierren kaam er yn it bestjoer fan de Jongfryske Mienskip, dêr't er Juw van Weringh opfolge as foarsitter. Nei tsien jier foarsittersskip droech er de lieding fan de JFM oer oan Jaap Vergonet fan Drylts. Noch in skoftsje bleau er bestjoerslid, mar op 8 april 2000 sette er ek dêr in punt efter: "Ik bin no 77 en wol der mei ophâlde. Ik ha in skoft út stel west en mien dat de tiid no om is."

Yn jannewaris 2005 ferfarden Bouwe en syn frou nei Surhústerfean, dêr't se oan de Zonneweide yn in âldereinwente lutsen. Doe liet syn geastlike súnens him al yn 'e steek en it waard al gau dúdlik dat er net lang yn syn nije húske bliuwe koe. Nei in healjier gong er nei syn lêste

ûnderkommen: soarchsintrum Nij Toutenburg yn Noardburgum. Dêr kaam er op 1 febrewaris te ferstjerren. Op 6 febrewaris fûn de kremaasje plak yn krematoarium 'De Wâldhûf' yn De Pein. Foarôfgeand wie der in drokbesochte routsjinst, dêr't Meniste dûmny Sieb Kiestra fan De Rottefalle yn foargong. Bouwe van der Meulen sil yn ús oantinken bliuwe as in man, dy't him yn allerhande rûnten och sa ynsette foar de Fryske taal en kultuer. Hy wie in Frysk strider en wie der dan ek by op de ferneamde

Kneppelfreed yn 1951. De betinking Fyftich jier Kneppelfreed yn de Ljouwerter Harmony yn 2001 woe er perfoarst net misse. Hy hope dêr noch in grut tal striders fan in heale ieu lyn te treffen. It rûn dochs wat op in teloarstelling út: hy trof mar in pear mei-striders fan doe. In grut tal libbet net mear. Bouwe van der Meulen libbet no ek net mear. Mei tankberens tinke wy oan him werom as in warber JFM-bestjoerslid. Lang sil syn leafde foar Fryslân en de blomrike taal, dêr't er him yn utere, yn ús ûnthâld bliuwe.

Anneke Jousma:

OANTINKENS OAN US HEIT (X)

(Anne Jousma: 1900-1981)

Yn de lêste pear ôfleverings haw ik jimme - sa goed en sa kwea as ik koe - ferslach dien fan it begjin fan de wrâldkriich en foaral hoe't dy op ús ôfkaam en hoe't wy de ein dêrfan belibben. No lizze dêr fansels 5 'lange' jierren tusken, wêrfan ik my (doe yn 't earstoan noch mar 10 jier âld) lytse stikjes, wichtich of net, te binnen bringe kin. Yn 't earstoan gie alles foar ús as bern syn gewoane gong en tocht ik, lykas ús heit sein hie dy earste dagen: "Dit sil net hâlde."

Ik rûn of stepte eltse dei 4 kear hinne en wer nei skoalle en al ridlik gau tegearre mei myn suske, dy't no ek nei de grutte skoalle mocht. Heit fytste nei syn wurk, mem soarge foar de itensierderij en foar it kopke tee by it wer thúskommen. Der wie noch gjin tekoart oan spullen yn de winkels. Mar sa stadichoan wie der wol sprake fan ynleverjen fan saken lykas fytsen, radio's ensfh.

Hokker jier, dat soe ik net witte, mar de tiid dat de V2's kamen, stiet my dúdlik foar de geast. Dat

kinne ek in protte Hagenezen my neisizze en foaral de bern krûpten bang ûnder de tekkens, as der wer sa'n ding boppe ús holle gûnze. O wee, as it lûd ynienen ophâlde, dan kaam er del... Der is ferskate kearen in hûs yn Den Haach rekke en der binne ek minsken by omkommen. Noch dêrlitten de skea dy't dizze dingen yn Ingelân oanrjochte hawwe. Dêr wiene de Dútsers hjir dus mei dwaande...

De soldaten moasten ek ûnderdak fansels. Sadwaande waarden

ûnder oaren ek skoallen foardere en hiene wy letter op de middelbere skoalle heale dagen les: earst gjin gebouwen genôch, letter wie der gjin brânje mear. Ek waarden soldaten mei harren ofsieren by partikulieren, sa as yn ús strjitte, hûs oan hûs ynkertiere. Wy moasten in keamer beskikber stelle. Foar hoe lang, dat bin ik fergetten. By ýs wie in soldaat út in grutte havenstêd yn Noard-Dútslân, dêr't heit fan sei: "No, dy fynt net folle fan syn stêd werom..." Want yn dy tiid waarden de grutte Dútske stêden omraak bombardearre. De soldaat dy't wy tawiisd krigen, hie de gewoante en kom by nacht en ûntiid thús. Dan stommele er oer de trep nei syn keamer, dat myn suske der wekker fan waard en nachtmerjes hie. Hja kin it har noch altiten skoan te binnen bringe.

De soldaat, dy't stammere en wol wist dat er jûns let thús komme soe (mei wat slokjes op) frege heit om de húskaai. Hy woe dus graach "ein Sch... Schl... Schlüssel haa... haa... haben." En sa is dat ek in famylje-útrop bleaun by ús, sels oant no ta.

Yn 1944 hiene wy de razzia's om de jonge mannen te finen foar it front, sa't dat hiet. De Dútsers kamen alle huzen bylâns en ik sjoch noch de jonges de strjitte op rinnen. En heit wie moai bliid, dat syn âldste dochter gjin jonge wie...

Doe't wy yn septimber 1944 tochten dat de Ingelsen ús ferlosse soene, rûn dat mis en kaam de slimste tiid: de hûngerwinter. Yn dy tiid

krigen wy in inkelde kear in pakje mei wat iterij út Fryslân. My tinkt, heit syn nicht Geartsje Kuypers-Rozendal en har man Lodewijk (turf- of frachtskipper) hiene dêr foar soarge. Spitigernôch kamen dy pakjes faak heal leechrôve by ús oan.

Ien kear wie der berjocht dat der in pak mei ierappels ensfh. yn Soetermear klear lei en dat wy it ophelje koene. Der wie gjin bus of trein, dat heit der rinnend op ôf. Dat hat in ferskriklike reis west. Oeren hinne rinne en dan mei in lege mage en mei in minder goede kondysje fansels. Op 'e weromreis lei der snie en wie it swier te rissen. Heit trof noch in reizgster mei in fyts en doe koene hja al rinnend neist de fyts en mei de pakke-laazje der op wer op Den Haach oan. Op de Soestdijkse Kade, dêr't de frou wenne, hat heit syn pak op in liende slide lein en is mei de lêste krêften op hûs oan set. Ik sjoch heit noch it hûs yn kommen en op in stoel delploffen mei de wurden: "No kin ik gjin pap mear sizze..." No tink ik noch wolris: dat wie sa'n tritich kilometer sjouwen foar in pear mieltsjes ierappels en miskien in stikje spek! De gasfoarsjenning rûn ek yn 't hûndert, dus sprokkelten wy as bern alle houtsjes en tûkjes dy't wy fine koene bylkoar, om oer it asfalt út de strjitten sa hjir en dêr mar net te praten, om ús kacheltsje (Majo) der in oerke fan brâne te litten foar in lyts hapke iten.

Heit hat, om de kachel oan

'e gong te hâlden, in grut ikenhouten ledikant ferseage en noch in tafel, want dat "lei lekker lang." Dan sieten wy dat itensierdersoerke mei syn fjouweren om it waarme kacheltsje yn it tsjuster en fermakken ús mei it sjongen fan ferskes!

En efter de kachel, op sa'n platte

piip, stie dan ek in grutte panne mei raspe sûkerbyt ta sjerp te rannen en myn suster wit noch dat heit fan dy saneamde pulp hiel lekkere pankoekjes bakte. En litte wy mar swije oer dy ôfgryslieke smaak fan de tulpebollen, dêr't wy in priuwke fan krigen, foardat Sus en ik yn maart 1945 nei Fryslân ôfstutsen.

B.J. Postma:

IN MILJARD EN DE GRUTTE LOSMAKKER

Wy hawwe tiden hân, dat oerheden plannen makken mar de sinten op wiene. It lân krige dêr syn nocht fan, want wat doel hie it, om mei in lege ponge bouwurken te tekenjen, konstruksjes te berekkenjen en kosten te rûzen. De oerheden hoegden gjin prakkesaasjes mear te hawwen oer Dankertfiadukten en -wegen, autowei Stiens-Marsum ûnder it fleanfjild troch, djoere kabelbaan tusken Diken en Twiebakmerk, ensafierder. It lân joech him del: middeis in knipperke en jûns nei it nijs it nachthok yn.

E.B. Folkertsma hat it hiel lang lyn alris beskreaun: "Dit is Fryslân's fijân: de Fryske passivens. Fryslân hat forlangst nei alles, mar it wol neat. It wol net iens passyf wêze, mar it is passyf, omdat it net hwet oars wol. It is passyf, omdat it net aktyf wêze wol, it is passyf, út ûnmacht." (Toer en Tsjerke (1934), side 204.)

E.B.F. moat him ôffrege hawwe, wannear't de losmakker him oppenearje soe en wa't it wêze soe. Wy witte it no allegearre, it is ús 'Janneman'. (Dy be-neaming fan de deputearre Ploeg is fan syn kollega frou Andriesen.) Janneman sei, dat Fryslân te min kriich hie: "Wat moat men no mei in gemeente oan, as dy net foarútskreppe wol?" (Ljouwerter fan 7 jannewaris 2006, side 1.)

Ploeg woe de Nuon in miljard lichter meitsje om it de gemeenten as lokke-brea foar te hâlden. Hy soe se alle ienentritich wekker meitsje, 'losmeitsje'. Wat soene se skreppe en klauwe, elk om syn part út it provinsjale rip.

Lykwols hawwe de minsken it miljard yn de rin fan de jierren opbrocht. Dat, de ferdieling dêrfan oer alle bewenners fan ús lân - goed 16 hûndert euro de frou/man - liket my earliker ta as dy oer de gemeentlike plannen. Sok earlik dielen soe Ploeg syn CDA by de ferkiezings gjin deade miten lizze en de politikus net oars as rom en eare opleverje. Net by foarrie is de kombinaasje fan polityk en earlikens ûnmooglik, liket my ta.

Oan de yn Doesburg wenjende dichter/skriuwer Harmen Wind is de Rink van der Velde-priis 2006 takend foar syn roman 'It ferset'. De útrikking fûn op it gemeentehûs fan Smellingerlân yn Drachten plak. De priis, dy't bestiet út in bedrach fan 1250 euro en in skulptuer fan de Drachtster byldhouwer Anne Woudwijk, waard foar de twadde kear útrikt. It is in twajierlikse priis, dy't nei de dea fan Rink van der Velde ynsteld waard troch de gemeente Smellingerlân en de Friese Pers Boekerij. Mei de priis wolle de beide inisjatyfnimmers de oantins oan de populêre skriuwer Rink van der Velde yn libben hâlde en boppedat syn betsjutting foar it Frysk proaza ûnderstreekje. It is dan ek logysk dat de priis ornearre is foar de skriuwer dy't Frysk proaza skriuwt foar in breed lêzerspublyk, sa't Rink van der Velde dat ek die.

Twa jier lyn gong de earste Rink van der Velde-priis nei Koos Tiemersma fan Kollumersweach foar syn roman 'De Ijeder'. Dit jier wiene der mar leafst 13 skriuwers nominearre foar de priis. De sjuery dy't bestie út Aly van der Mark, Hinke Wiersma en Joop Douma wiisde Harmen Wind as priiswinner oan.

Harmen Wind (1945) is al jierren bekend as dichter. Hy debutearre yn 1985 mei de bondel 'Ut ein'. Dêrnei soe der noch in hiel rychje fersebondels fan him ferskine, net allinne yn syn memmetaal, mar letter ek yn it Hollânsk. De lêste jierren kamen der sawat om en om bondels fan him yn it Frysk en yn it Hollânsk út. Yn 1998 debutearre Harmen Wind as proazaskriuwer mei de histoaryske roman 'De izers fan 'e frijheid'. It is in roman oer de Fryske frijheidsstrider Jancko Douwama (1482-1533), dy't yn Aldeboarn wenne. Dat is ek it doarp dêr't Harmen Wind opgroeide.

Wind krige de Rink van der Velde-priis foar 'It ferset', in bysûndere roman, dy't yn 2002 as 'Het verzet' by de Arbeiderspers ferskynde. It wie syn Hollânske proazadebút. Nei Hollânske fersebondels, no dus ek proaza yn it Hollânsk fan dizze talintfolle dichter/skriuwer. Dat Hollânske romandebút mocht der wêze en krige oer it generaal bêste resin-sjes. Yn 2003 krige er foar de roman de 'Debutantenprijs voor literair proza' fan de Stichting 'Perspectief' yn Dordrecht. Yn it sjueryrapport stie: "Harmen Wind heeft een tijd-en leeftijdloze roman geschreven. 'Het verzet' was voor ons een openbaring, een ontdekking."

Oer it boek sei Harmen Wind, dat er it beskôge as 'in Fryske roman yn it Nederlânsk'. De skriuwer keas der bewust foar om it boek earst yn it Hollânsk te skriuwen. Sadwaande koe er better ôfstân ta it troch him behannele ûnderwerp - de lêste libbensfase fan syn heit - krije. Daliks nei it

ferskinen begûn er mei de Fryske oersetting. 'It ferset', dat yn 2004 troch Utjouwerij Fryslân/Afûk op 'e merk brocht waard, wie lykwols mear as in streekrijochte oersetting fan 'Het verzet'. De skriuwer brocht lytse feroarings en útwreidings oan.

'It ferset' is in autobiografyske roman, dy't him foar fierwei it grutste part yn Aldeboarn ôfspilet. It is

in bysûndere en yndrukwekkende roman, dy't boeit fan it begjin oant de ein. Echt in oanrieder. Nei it lêzen fan dit boek sil manichien ta de konklúzje komme, dat dizze om utens wenjende Fryske dichter/skriuwer de terjochte winner is fan de Rink van der Veldepriis 2006.

IKAROS

*doe't ik de wjukken fielde
dy't Heit my oplein hie út goederbêst
tocht ik allinnich mar: no fuort
en noait werom*

*ik wist it al
al wat hjirûnder
my lêstich wie
de lytsens
gjin hertstocht bleau*

*en alles waard my flak
dus no yn ien trek nei de sinne!*

*mar op healwei waard it my klear
do meist net heger
straks wachtet wer
der dagen tryste ienlikens*

ik die de wjukken ôf

*ik foel net
ik woe falle*

Geecke Sybesma

☆ 'Opnimme' is de titel fan in bondeltsje fersen fan Aukje Wijma út Drachten. De dichteresse joech it om de jierwiksel hinne yn eigen behear út. Dat die se ek mei har earste Fryske fersbondel 'Tichteby', dy't yn 2003 ferskynde. Se hat in eigen webside foar minsken, dy't mei har wurk yn 'e kunde komme wolle: www.aukjewijmagedichten.nl

☆ By de Friese Pers Boekerij ferskynde yn febrewaris in nije roman fan Klaske Hiemstra fan Grou mei as titel 'It rinnen fan Silke'. De skriuwster debutearre in pear jier lyn mei har fersbondel 'De skaadfrou' en dêrnei kaam har roman 'Retour Skylge' út. Deselde útjouwerij brocht de tredde roman fan de yn Kollumer-sweach wenjende Koos Tiemersma op 'e merk. De titel is 'De swarte ibis'.



☆ De 'Kantsjeroasrige' is in rige boekjes fan Johannes Oegema fan Sutfen. Ein jannewaris ferskynde it tsiende dieltsje. De titel is 'Fleurich fierder' mei as ûndertitel 'Stikjes en ferskes yn it boerefrysk'. It is in bondeltsje mei grut ferskaat oan ûnderwerpen yn ferhaal- of gedichtfoarm. Sa binne ûnder oaren de apokryfe Psalmen (151 oant en mei 155) yn de Fryske oersetting fan Klaas Bruinsma opnommen. It boekwurkje is te krijen by: Johannes Oegema, Lintelostrijtte 23 yn Sutfen (Tel. 0575-515755).

☆ By de Kristlik Fryske Folksbibliteek (KFFB) ferskynde yn maaie de seisde roman fan Anders Rozendal fan Ljussens. De titel is 'Dy jonge fan Beintema'. Begjin maaie ferskynde ek 'Razzia yn 'e Ripen'. It is de Fryske oersetting fan it deiboek dat Gosse Bootsma fan Nij Beets byhâlden hat, nei't er yn 'e oarloch by in razzia troch de Dútsers oppakt waard. Hy waard opsletten yn sel 20 fan de Ljouwerter finzenis. Reinder Bil fan Boarnburgum makke de oersetting.

☆ Sûnt it ferstjerren fan Rink van der Velde bringt de Friese Pers Boekerij werprintigen fan syn wichtichste boeken út yn de rige 'De Klas-

sikers fan Rink van der Velde'. Ein febrewaris kaam it fiifde diel yn dy rige út: 'De nacht fan Belse madam'. Earder ferskynden: 'In fin mear as in bears', 'De hûn sil om jim bylje', 'De lange jacht' en 'De fûke'.

☆ By útjouwerij Venus is in boek ûnderweis, of yntusken krekt ferskynd, mei as titel 'Om fan dit lân te hâlden...'. It is in nijsgjirrige útjefte mei de briefwiksel tusken Joop Boomsma en de yn 1977 ferstoarne Fokke Sierksma. Ek is it ynterview opnommen, dat Boomsma yn 1974 mei Sierksma hie.



Fokke Sierksma

☆ It streekmuseum yn Burgum hat yn febrewaris in bysûnder boek útbrocht: 'Oantekens út it Berchkleaster'. Om 1460 hinne skreau in muonts út it Burgumer Berchkleaster in boek oer allerhande saken fan it kleaster. It wiene saken, dêr't hy fan fûn dat se wichtich wiene om fêst te lizzen. Nei de Reformaasje bedarre it boek yn Brugge, dêr't it no eigendom is fan de stedsbibliteek. Yn 1988 waard in mikrofilm fan it boek makke, dy't nei Burgum ferhuze. Doe koe de Burgumer Eibert van der Veen útein sette mei de Fryske oersetting fan de tekst, dy't sawat hielendal yn it Latyn skreaun wie. Nei santjin jier oersetten is it boek no ferskynd en waard presintearre op de dei dat de oersetter 80 jier waard. De útjefte is te krijen by it Burgumer streekmuseum (Tel. 0511-465544).

B.J. Postma:

ACHTHUNDERT MILJOEN EN IT ABEE

Neffens Van Dale is in analfabeet immen dy't net lêze of net skriuwe kin. In 17 persint fan ús folk kin syn eigen taal sa'n bytsje of better skriuwe. Rûchwei 83 persint is sadwaande analfabeet en dêr binne wy it domste folk te wrâld mei. It listke wiist it út. (Oft alle persintaazjes de Van Dale-noarm as grûnslach harwe, stiet fansels yn 'e kiif.)

<i>Analfabetisme (%)</i>		
<i>Sina</i>	6	<i>Fr Db 9-9-1997</i>
<i>Sweden</i>	7,5	<i>Lj Kr 9-12-1995</i>
<i>Nederlân</i>	10	<i>Lj Kr 19-9-2000</i>
	10,5	<i>Lj Kr 8-9-1999</i>
<i>Feriere Keninkryk</i>	20	<i>Fr Db 8-11-1997</i>
<i>Ameearika</i>	20	<i>Fr Db 8-11-1997</i>
<i>Curacao</i>	20	<i>Lj Kr 8-9-1997</i>
<i>Botswana</i>	30	<i>Fr Db 19-1-2002</i>
<i>Guatemala</i>	33	<i>Lj Kr 17-7-2000</i>
<i>India</i>	36	<i>Lj Kr 29-3-2001</i>
<i>Poalen</i>	42	<i>Lj Kr 9-12-1995</i>
<i>Meksik. Yndianen</i>	44	<i>Fr Db 10-3-2001</i>
<i>Jemen</i>	62	<i>Safe nû. 2-2001</i>
<i>Fryslân</i>	83	<i>Fr.Ak. + Van Dale</i>

De 800 miljoen út it Waadfûns woe ik, teminsten foar in part, útjaan oan it lêzen en skriuwen learen fan de rykskommissaris en de steaten, de foarsitter fan it Bitgummoolster Pleatslik Belang en de leden, ús Hollânskinnige boargemaster en har suterige gemeente, de foarsitter fan de Harmony en de blazers en tromslagger, de presidint fan it Ljouwerter Hôf en de riedsfroulju en -hearen, de foarsitter fan it Bitgumer toanielselskip 'Mei nocht en ynset' en de spylders, de nije haadofsier en it Iepenbier Mystearje dat him ek noch alris fersint, de foarsitter fan O.K.K. en de kaats-, eerst- en spelkeatsers, de wjerstribbige en net sa wize haadkommissaris en de plysjes, de freonlike foarsitter fan ús Bosklânstrjitteferiening en de measte bewenners, de maresjesee-kaptein en de brigade, de foarsitster fan de frijsinnich herfoarme frouljusferiening 'Lyts mar Warber' en de froulju, de fleanfjild-kolonel en it bolbjirkene F16-folk, de foarsitter fan 'Meinoar Ien' en de folksdûnseressen en -dûnsers, Gaanderse en de hiele R(adio), T(elevyzje) F(ryslân)-op-Rein Tolsma-nei en fierders al dyjingen dy't oars ek rjocht op in plakje yn dizze rige hiene. Mar LYTS FRISIA is te lyts foar in heal miljoen minsken.

Mei de jildlike stipe út it Waadfûns fan 6 hûndert euro de frou/man kinne dy 500 tûzen minsken sûnder eigen kosten foar de Fryslândiploma's A en B te learen. Se sille net allegearre slagje, mar mei sa'n 460 tûzen B-diploma's sille wy net mear it domste folk te wrâld wêze. Mei in noch oerbliuwend persintaazje analfabeten fan acht lizze wy foar op hiel Nederlân. En yn it Waadfûns sit dan noch 500 miljoen euro, foar de oerheid genôch om mei te moaiwaarspyljen.

SÛKEREITEELT YN FRYSLÂN

Sûkereï is lange tiid yn ús lân teeld. Dat barde yn it ferline foaral, om't der kofjesurrogaat fan makke waard. Der wurdt yn Nederlân no ek noch wol sûkereï ferboud. Neffens ynternet giet it op Texel om 26 hektare en ek yn it suden fan ús lân wurdt it noch ferboud, bygelyks yn Limboarch. De sûkereï is tsjintwurdich grûnstof foar fruktoase en ynsuline.

Gosse Minnema

Foar Fryslân hat de ferbou fan sûkereï yn it ferline altiten wichtich west. Sa hat Dantumadiel lang in bulte mei de teelt en it droegjen fan sûkereïwoartels te meitsjen hân. Dat soks wichtich wie foar de gemeente, docht sûnt in tal jierren bliken yn Wâlterswâld dêr't in sûkereïmonumint stiet, wylst yn Damwâld in sûkereïdroegerij boud wurdt. It is de droegerij dy't ferline jier noch yn De Falom stie. Oant yn it lêst fan de tweintiger jierren fan de foarige ieu wie yn Dantumadiel in bulte droekte en wurk mei de sûkereï. Nei dy tiid binne de boulannen feroare yn persielen greide.

Neffens jiergongen fan de provinsjale ferslaggen oer de tastân fan de sûkereï yn Fryslân, bygelyks oer it jier 1885, sjogge wy dat op de sângrûn yn de gemeente Himmelumer Aldefeart en Noardwâlde, yn Tytsjerksteradiel, Smellingerlân, Opsterlân en Kollumerlân sûkereï teeld waard. Mar dat barde ek yn de gemeenten Ljouwerteradiel, Dantumadiel, Westdongeradiel en Ferwerteradiel. De útkomsten wiene it bêst op humusrike grûn en

op savelgrûn en dan yn 't algemien op de leger lizzende bougrûnen.

Yn 1885 mislearre de teelt yn Himmelumer Aldefeart en Noardwâlde. Dat kaam troch de droechte en de hurde wyn. Yn Tytsjerksteradiel wie de opbringst op de heger lizzende grûnen folle leger as dy op 'e leger lizzende grûnen.

De teelt gie yn 1885 hjir en dêr foarút, lykas yn Dantumadiel. Dêr waard yn 1885 mar leafst 450 hektare boud tsjin 400 hektare yn 1884. Yn dy gemeente waard lykwols tige klage oer de lege prizen. Mar der waard mear hannel dien as yn de lêste jierren it gefal west hie.

Yn It Bildt gie de sûkereïbou efterút. Dat barde, neffens it ferslach, sûnt Dútslân de ynfoerjochten ferhege hie. Yn Westdongeradiel hiene yn 1885 mar 7 fan de 13 droegerijen sûkereï droege. Yn 1876 wiene der mar leafst 18 droegerijen yn dy gemeente.

Yn it provinsjaal ferslach oer 1865 stean de sûkereïdroegerijen mei it oantal arbeiders dy't dêr wurken der efter. Ik lit dat rychje hjirûnder folgje. (It earste getal is it tal droegerijen mei tusken heakjes it oantal arbeiders.)

Barradiel:	7	(42)
It Bilt:	9	(30)
Dantumadiel:	13	(80)
Dokkum:	3	(8)
Ferwerteradiel:	30	(87)
Frjentsjer:	1	(4)
Haskerlân:	1	(12)
Ljouwert:	3	(65)
Ljouwerteradiel:	5	(7)
Menameradiel:	3	(12)
Smellingerlân:	1	(3)
Tytsjerksteradiel:	2	(7)
Westdongeradiel:	10	(30)

Jan Jongsma: **SKRIUWER FAN TWA BIBELSKE DEIBOEKEN FERSTOARN**

Yn Hurdegaryp ferstoar op 8 maart Auke Kok op 91-jierrige leeftiid. Hy waard yn 1914 berne op 'e Lemmer en krige de leafde foar it Frysk bybrocht troch syn master Fedde Schurer. Op 19-jierrige leeftiid ferliet Kok Fryslân om yn Zeist de ferpleging yn te gean. It fak fan ferpleger hat er oant 1976 útoefene. Nei Zeist wurke er yn it Joadske sikehûs yn Amsterdam en by de genêskundige tsjinst yn dy stêd. Yn 1942 waard er lid fan de bedriuwsgenêskundige tsjinst fan de Hoogovens. Dy baan ûnderbruts er fan 1946 oant 1949, doe't er as boargerferpleger nei Ynje gong. Nei't syn kontrakt dêr ôfrûn wie, kaam er by de Hoogovens werom. Hy soe der bliuwe oant 1976.

Yn syn frije tiid die er in soad oan tsjerkewurk en sneins begûn er hieltiten mear te preekjen. Al gau krige er preekkonsint yn hiel Noard-Hollân. Yn 1976 kaam er werom yn it heitelân, dêr't pastoraal wurker waard fan de Griffemearde tsjerke yn Earnewâld. De Earnewâldster tiid hat er de moaiste perioade yn syn libben fûn. Hy krige ek preekkonsint yn Fryslân en preke gauris yn syn memmetaal. Yn 1979 gong er mei pensjoen en kaam yn Burgum te wenjen. Oant syn tachtichste fersoarge er alle sneinen yn hiel Fryslân tsjerketsjinsten en preke hiel faak yn it Frysk. Sûnt 1976 hat er yn 128 Fryske tsjerken op 'e preekstoel stien.

Doe't er tachtich waard, hâlde er op mei preekjen. Hy pakte de pinne op en skreau 366 meditaasjes by lieten út it 'Lieteboek foar de tsjerken'. Yn 1996 ferskynden dy yn boekfoarm as Bibelsk Deiboek mei as titel 'Efkes lins'. De útjefte rekke samar útferkocht. Hy skreau opnij in Bibelsk Deiboek, no ek wer by lieten út it 'Lieteboek foar de tsjerken'. Dat ferskynde yn 1998 mei as titel 'By God te boadskipjen'. Sân jier lyn ferhuzen Auke Kok en syn frou nei in appartemint by Bennema State yn Hurdegaryp. Dêr kaam op 8 maart in ein oan it libben fan de iennichste Fryske skriuwer dy't twa Bibelske Deiboeken op syn namme hat.

Opdracht

(Koart ferhaal)

It skilderij wie lang om let klear kommen en no wie Klaas ûnderweis om it ôf te leverjen. Hy waard fan de boerinne ûntfongen, de boer wie noch efkes it lân yn. It minske wie wakker nijsgjirrich, dêrom pakte er it doek alfêst út en sette it foarsichtich op 'e tafel. Hy draaide it sa dat it lette ljocht út de hege finsters der krekt op foel.

Rommert Tjeerdsma

De boerinne line mei de earm-takken op 'e tafel en skôge de ôfbylding in amerij stilswijend. "Tsjonge noch ta, it liket wol echt, ik fyn it moai...!"

"Dêr bin ik bliid om," sei Klaas, "dat jo it moai fine, bedoel ik."

"Ja, en ik fyn de list ek sa moai, eins fyn ik dy noch it moaiste, hy past prachtich by it behang yn 'e opkeamer." Klaas ferluts net in spier en seach mei stúdzje nei de ûndergeande sinne.

"Ik fyn it wol aardich, mar der ûntbrekt wat oan," oardiele de boer, dy't ûndertusken yn 'e hûs kaam wie.

"Untbrekt wat oan...? Hoe bedoele jo dat...?"

"No sjochris, it is knap skildere, dêr wol ik ôfbliuwe, mar jo hienen it better fan 'e oare kant skilderje kind. Want ús molkstâl stiet der net op..."

"Molkstâl... Ja, mar ik ha jimme pleats mei sin fan 'e westkant skildere, dy moderne stâl woe 'k der net op ha, it soe de hiele komposysje bedjerre..."

"No, wat jo dêrmei bedoele ha 'k wol oan, mar dy stâl moat der al op. Hy hat ús in kaptaal koste en dan ek noch net iens op it skilderij..."

"No, dat is dan spitich," sei Klaas, "mar hy stiet der net op."

"Kin dat net feroare wurde, kinne jo him der net by op fervje?"

Klaas syn grize eagen fonkelen efter de brillegleskes, fêrvje sei de man... "Nee, dat kin net, it skilderij sit al yn de fernis, der kin neat mear oan dien wurde."

De boer seach nuvere stûf nei Klaas en doe nei de boerinne. "Wat seisto der fan Joukje, is it dy oars wol nei 't sin?"

"Ik fyn it moai," joech de frou beskied, "foaral de list..."

"Tsjonge noch ta, ja ja, it is wat. No, it wie eins ek foar de frou bedoeld, ik soe sizze: dan moat it dochs mar oangean. Jo ha wol heard, de frou fynt it wol moai."

"Foaral de list," sei Klaas smeulsk.

"Jawis, it binne op 't lêst froulju no? Mar ik soe sizze Klaas, jo moatte mar oanjaan wat de kosten binne."

Klaas wachte in amerij, doe sei er: "Twahûndert euro."

"Twahûn...!" De boer ferskeat yn 'e kofje en waard sa read as in kraal om 'e holle. De boerinne kloppe him in mannich kearen op 'e rêch, dat er wer wat by sûpe en stút komme soe.

"Tsjonge noch oan ta," sei er hymjend, "wat kin men jin al raar ferslokke, mar dat fan dy twahûndert Klaas, dat wie dochs gjin tinken wol?"

"Wis en wrachtich is dat tinken," antwurde Klaas, dy't grimmitich begûn te wurden. "Ik haw benei fjirtich euro materiaal kosten en dan ha 'k de list noch net iens meirekkene. Ik haw der wiken oan wurke, ik mei der dochs wol in pear sinten better fan wurde...?"

"Wis wol, wis wol, mar twahûndert euro, dat roait fansels nearne nei."

Klaas slokte en biet op 'e tosken. "Wat hiene jo dan yn 'e holle?"

De boer skrabe de kiel. "In bytsje koarting moat dochs oer te praten

wêze? Witte jo wat, ik sil it goed mei jo meitsje, jo krije fiifensantich euro op 'e hân en dan prate wy nearne mear oer."

It bleau lang stil yn 'e keamer, allinnich it eptige tikjen fan 'e Jouster klok wie te hearren. Doe gie Klaas oerein en naam it skilderij fan 'e tafel. "Jo krije fan my koarting," sei er sêft, de máksimale koarting..." Hy tilde it doek mei beide earms boppe de macht en liet it mei faasje op 'e holle fan de feraltereare boer delkomme. It linnen skuorde stikken en bleau de boer, dy't mei stommens slein wie, om 'e earen hingjen. De swiere list skeat troch en bongeale him healwiis om 'e nekke.

"Mear koarting kin ik net jaan, de frou hâldt der yn alle gefallen noch in knappe list oan oer!" rôp Klaas, wylst er nei de doar trêde.

"It is dochs in knap skilderij wurden," sei er yn himsels, doe't er nei hûs fytste. "Portret fan in hûnekop, mar dan wol mei in apart perspektyf..."

Boppesteand ferhaal is fan Rommert Tjeerdsma (Hallum, 1943) fan Marrum. Al moai wat jierren skriuwt er koarte ferhalen, dy't ûnder oaren yn it 'Friesch Dagblad' en 'De Fleanende Krie' ferskynden. Ek skriuwt er al jierrenlang fersen, mar dy waarden oant no ta noch net bondele. Yn jannewaris debutearre er as romanskriuwer mei 'Brekpunt'. Dy debúroman waard útbrocht troch de KFFB.

Heechachtbere Kommissaris,

Ik woe it nei ús hinne-en-wer skriuwerij - myn lêste brief fan 14 juny fan ferline maityd en jins ûnbefredigjend andert KAB604450 fan 14 july - noch ien kear oer jins boargerjierferslach hawwe.

Ien kommissaris en tsien boargemasters - fan Balk, Dokkum, Drylts, Ferwert, (Grou), De Jouwer, Snits, Stiens, De Sweach en Wommels - hawwe in dûbeltalich ferslach-2004 skreaun en ek ien, dy fan Wytmarsum, in ientalich Fryskien. Dit jier sil de rige al wer wat langer wêze: yn de Burgumer riedsgearkomste fan 24 novimber hat de boargemaster 'belies' jûn en safier't it oan my leit, komme der yn 2006 noch guonnet by. Ik hie jo útsteld om ek oan it Bilt en de Stellingwarven te tinken, dêr't se jo ek as kommissaris hawwe: " (...) Yn jo beide ferslaggen misse in side yn it Biltsk en twa, trije yn it Leechsaksysk." En jins andert: "Oan jo suggestje om ek parten yn it Biltsk en Stellingwerfsk te skriuwen kin ik net foldwaan, om't dat gjin offisjeel erkende rykstalen binne."

Ik hie it oer minsken, oer minsken dy't se yn De Haach oan jo tabetroud hawwe en oer har talen - rykstalen of gjin rykstalen, dat kin neat skele - en oer har selsbewustwêzen. Sa't har eigen streektalige wetternammen har selsbewustwêzen te'n goede komme, sa kinne eigen streektalige boargerjierferslaggen it ek.

Jins Asser kollega Ter Beek en syn kolleezje prakkesearje ek sa-sawat oer minsken, taal en selsbewustwêzen: "Wy wolle it praten, lêzen en skriuwen fan it Drintsk fuortsterkje om't it in ding fan belang is foar de identiteit en it selsbewustwêzen fan ús ynweners." ¹ Jins Asser kollega Ter Beek en syn kolleezje beseffe de betsjutting fan (de Drintske fariant fan) it Leechsaksysk, se moedigje har boargers op.

Yn in Hagemer ministerskeamer leine trije teksten op 'e tafel, ien yn it Biltsk, ien yn it Leechsaksysk en ien yn it Frysk. De earste beide waarden mei 'streektaal-gjin-rykstaal' stimpale, de lêste mei 'rykstaal-gjin-streektaal'. Op dy manear waarden net allinne (streek)talen stimpale, mar ek minsken, minsken mei har bytsje identiteit en selsbewustwêzen. Jins Asser kollega Ter Beek like dat net útstean te kinnen: "Watte, myn Drintsk mar in streektaal? Drintsk is minske-taal!"

Hoe oars leit it lân yn jins kommissariskeamer: "(...) om't dat - it Biltsk en (de Stellingwarver fariant fan) it Leechsaksysk, BJP - gjin offisjeel erkende rykstalen binne." Dy redenaasje liket my ta, op net mear as op in stimpel-en-stimpelkessen grûndearre te wêzen, dy argumintaasje rekkenet hielendal net mei jins boargers yn it Bilt en yn de Stellingwarven.

¹De oanhaal is in oersetting fan "Wij willen het gebruik van de Drentse taal bevorderen, omdat het een belangrijke cultuurhistorische waarde heeft en omdat het belangrijk is voor de identiteit en het zelfbewustzijn van onze inwoners." (Mensen in het middelpunt, Provinciale sociale agenda 2005-2008, side 82.)

De brieven fan wjerskanten haw ik op 'e skealjen lein om jo sjen te litten, hokker arguminten it swierst binne. Want de swierste dogge de trochslach. Sa heart it teminsten te wêzen. En dat lêste jildt ek foar ús hinne-en-wer skriuwerij. Ik hoopje no mar, dat jo dêr lyksa oer prakkesearje en jins boargers yn Bilt en de Stellingwarven foar fol oansjogge en har yn jins boargerjierferslach rjocht dogge.

Mei Bitgummoolster achtinge.



In fiks tal fan ús leden en lêzers makke de ôfrûne moannen it ledejild of it lêzersjild foar 2006 al oer. Dat flotte beteljen stiet ús tige oan. Guon joe-gen sels in dofke mear. Tige tank dêrfoar. Wa't noch net oermakke hat wurdt fersocht om dat no te dwaan. (ledejild: 7,50 euro / lêzersjild: 5 euro.) Graach oermeitsje op giro 1069535 op namme fan Skathâlder fan de Jongfryske Mienskip, Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum.

'Lyts Frisia' komt fjouwer kear jiers út. It tredde nûmer fan

dit jier ferskynt yn septimber. Foar dat nûmer moat de kopij foar 15 july binnen wêze. Wy sitte faak om kopij te springen en in stikje fan ús leden of lêzers stelle wy dan ek tige op priis. Wy stribje nei in grutter ferskaat oan skriuwers. Wy tinke dan benammen oan bydragen op it mêd fan taalkunde, literatuer, skiednis, Frysk ûnderwiis en Fryske striid. Foar it desimbernûmer moatte de bydragen foar 15 oktober binnen wêze. Kopij opstjoere nei: Redaksje 'Lyts Frisia', Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum. Foar ynformaasje: tel. 0511-463869.